

De bydragen yn dit nûmer binne fan:

Piter Boersma (1947) is skriuwer en dichter en skriuwt ek oer literatuer. Hy makket diel út fan 'e redaksje fan it literêre tydskrift *Ensafh*, is as útgjower aktyf foar útgjowerij Hispel en foarsitter fan 'e redaksje fan 'e Literêre Rigen fan 'e Fryske Akademy. Yn 1998 waard him foar syn roman *It libben sels* de Gysbert Japicx-priis takend. Hy wurke earder op 'e Fryske Akademy as (ein)redakteur fan it *Wurdboek fan de Fryske Taal*.

Piet Gerbrandy (1958) is klassikus, dichter en poëzijkritikus. Hy dosearret Klassyk en Midsiuwsk Latyn oan 'e Universiteit van Amsterdam, skriuwt oer poëzij foar *De Groene Amsterdammer* en makket diel út fan 'e redaksje fan *De Gids*. Koartlyn ferskynde syn dichtbondel *Steencirkels* (Atlas Contact).

Eric Hoekstra (1960) studearre Ingelsk en Algemiene Taalwittenskip oan 'e Ryksuniversiteit te Grins. Hy promovearre yn 1991 oan dyselde universiteit op it proefskrift *Licensing Conditions on Phrase Structure*. Wie ferbûn oan it Meertens Instituut. Is sûnt 1999 as taalkundich ûndersiker yn tsjinst fan 'e Fryske Akademy. Wurket dêrnjonken as oersetter.

Alpita de Jong (1962) promovearre yn 2009 op in ûndersyk nei de ynternasjonale kontakten fan Joast Halbertsma. De biografy fan Halbertsma dêr't se sûnt mei dwaande is, ferskynt yn april 2018.

Henk A. van der Liet (1956) is heechlearaar Skandinavyske Taal- en Letterkunde oan 'e Universiteit van Amsterdam. Hy hâldt him benammen dwaande mei moderne – foaral Deenske – letterkunde en hat û.o. bydroegen oan it standertwurk *Danske digtere i det 20. Århundrede bd. I-III*. Van der Liet sit yn 'e haadredaksje fan *European Journal of Scandinavian Studies* (EJSS) en is as literêr kritikus ferbûn oan it Deenske tydskrift *Litteraturmagasinet Standart*. Fan him is koartlyn ferskynd: 'From Bard to Brand – Holger Drachmann (1846-1908)', yn: Gaston Franssen & Rick Honings (eds.), *Idolizing Authorship. Literary Celebrity and the Construction of Identity 1800 to the Present*. Amsterdam: Amsterdam University Press 2017, pp. 105-131. (ISBN: 978 90 8964 963 8).

Marc van Oostendorp (1967) is taalkundige en ûndersiker oan it Meertens Instituut (Keninklike Nederlânske Akademy fan Wittenskippen) yn Amsterdam. Syn ûndersyksinteresses rinne fan ûnnatuerlikens en oarspronklikens yn taal oant dialekt-fonology, en fan syntaktysk-fonologyske konneksjes oant metryske ferbannen.



Friduwih Riemersma is dwaande mei de biografy fan Jelle Hindriks Brouwer. Se is literatuerûndersiker mei in spesjale niget oan it nei-oarlochsk tiidrek, nonfiksjeskriuwer en redakteur fan *Fers2*.

Reinier Salverda (1948) is gastûnderiker oan 'e Fryske Akademy en gastheechlearaar Nederlânske Taal- en Letterkunde oan it University College London. Yn 'e mande mei Eric Hoekstra is er koördinator fan it Fryske Literatuer Netwurk.

Abe de Vries (Winaam, 1965) is dichter, sjoernalist en esseeist. Hy wie fan 2003 oant 2006 haadredakteur fan it literêre tydskrift *Farsk*, is redakteur fan it literêre tydskrift *Fers2* en einredakteur en poëzijresinsint fan it *Friesch Dagblad*. Syn Frysk-literêre publikaasjes omfetsje ûnder mear sân dichtbondels, trije esseebondels en ûnderskate blomlêzingen, ûnder mear *Het goud op de weg* (2008). Yn 2005 waard him de Gysbert Japicxpriis takend foar de dichtbondel *In waarm wek altyd* (2004). Yn tarieding is in publikaasje oer Fryske literatuer, engaazjemint en identiteitsfoarming yn 'e perioade 1840-1915.

(Basearre op fan 'e auteurs sels oanlevere ynformaasje.)

